

Boekewikegeskink 2005 te partikulier

GERBRICH VAN DER MEER

Wat makket in reisferhaal nijs-gjirrich genôch dat it in breder lêzerspublyk fertsjinnet as allinnich mar famylje en kunde? Dy fraach krong him op by it lêzen fan it Frysk boekewikegeskink 2005, *Groetenis fan Prakash* fan Steven de Jong.

Yn it boekwurkje ferhaalt Steven de Jong oer de reis dy't er yn 1992 mei syn frou nei Brazilië makke. De reis wie net syn idee, sa wurde we gewaar, want dizze skriuwer bliuwt leaver thús. Mar de 'húshin' kin der net ûnder út. Soan Wytse sil trouwe mei de Braziliaanske Celine en it houlik sil yn Recife, de haadstêd fan it Braziliaanske lânsdiel Pernambuco, sletten wurde.

Sa stappe de De Jongen in pear moanne letter op it fleantúch om Celine har famylje te treffen en it houlik te fieren. Mar earst meitsje se noch in rûnreis troch it ymminse berchlân en litte har troch ferskillende gidsen (wêrûnder Prakash) op sleeptou meinimme.

It echtpear docht it ferneamde Riostrân Copacabana oan, se besykje de wetterfallen fan Foz do Iguaçu; se komme yn de stêd Manaus, dat midden yn 'e wyldernis leit en dêr't de Amazonerivier begjint. Ek de moderne haadstêd Brasília dy't boud is yn de foarm fan in fleantúch, wurdt net oerslein.

Wat it echtpear allegearre op dy reis docht en sjocht, wurdt wiidweidich beskreaun. Ek is der seker omtinken foar it hâlden en dragen fan Brazilianen dy't se tsjin komme. Mar wat dat alles te'n djipsten mei de reizgers sels docht, dêr komme wy net rjocht efter.

Datselde jildt foar it familiêre treffen yn Recife. Alle omtinken is der foar de hertlikheid fan Celine har famylje, it hearlike iten en de útstapkes, mar úteinlik lit Steven de Jong de lêzer op in feilige ôfstân bliuwe: de skriuwer jout him en syn famylje net bleat.

Hantfet

Yn de bondels fan bygelyks reisferhaleskriuwer Douwe Kootstra, is dat júst in wichtich aspekt. Hy besiket wat er op syn reizen meimakket hiel dúdlik te belûken op syn ynderlike wrâld. Dêrmei stelt er him miskien kwetsber op, mar soarget der tagelyk foar dat der romte komt foar (eksistinsjele) fragen dy't algemien minsklik binne. Tagelyk jout er dêrmei in hantfet oan de lêzer om him dêrmei te ferhâlden. Dat hâldfêst mist de lêzer yn Groetenis fan Prakash te faak.

As De Jong fertelt fan de besite oan de 30 meter hege segenjende Jezus dy't fan út 'e hichte genedich delsjocht op Rio de Janeiro, komt er eins net fierder as 'fan 'e ûnderkant fan it byld ôf ha wy in prachtich útsicht oer de stêd'. (side 25) Sokke ynformaasje kinne je ek wol út in gids helje. Fan in skriuwer ferwachtsje ik mear. Mar selden komme der werklik mooglikheden ta refleksje lykas yn it petear mei Strindberg, de ûnderstelde maffia-baas.

Miskien hat de skriuwer him ek tefolle bûn field troch it privee karakter fan it wurk om himsels en syn neisten wier frijút foarm te jaan. Mar dan hie er it net foar breed publyk skriuwe moatten. Wylst de lêzer nota bene tsjûge is fan in brulloft, wit er fan breid Celine allinnich dat se net de earste de bêste is, dat se in bekende sjoernaliste is, dy't ûnderdûkt west hat. Fan brêgeman Wytse wit de lêzer noch minder.

Wêrom't Celine ûnderdûkt sitten hat, en oft se no noch gefaar rint heart de lêzer neat oer. Oer hoe't De Jong dat alles ûndergiet en oft er him soargen makket ensafuorthinne, wurdt de lêzer net gewaar. Miskien spilet de skriuwer op *safe*, miskien is it ûnfermogen, yn alle gefallen binne der te min mooglikheden foar de lêzer ta identifikaasje.

Oan 'e ein komt De Jong, referearjend oan it motto, de begjinri-gels fan it fers 'Te Harns' fan Obe Postma, ta de miskien earlike, mar foar de lêzer ûnbefredigjende en ôfhâldende konklúzje: 'Ha wy wat fan dizze reis leard? Grif wol, mar... in oar minske wurdt men net sa gau.'

As sels de skriuwer net goed oanjaan kin wat it him dien hat, wat moat in lêzer dan?

Ofdijer

Al mei al is it boekewikegeskink in ôfdijer. De skriuwer, dy't yn 1992 noch de Gysbert Japixpriis krige foar syn roman *De Wuttelhaven del*, is mei dit wurkje amper fierder kommen as it primêr beskriuwen fan in reis. Dêrmei is it wurkje in partikulier reisferslach wurden dy't binnen de rûnte fan sibben en kunde bliuwe moatten hie.

Groetenis fan Prakash, Steven de Jong, Koperative Utjowerij, Easterein, boekewikegeskink 2005, Priis: Fergees bij oankeap fan minimaal 9 euro oan Fryske boeken yn de Fryske boekewiken.